FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan de pabû-direksje fan de CHN,
de hear drs. F. Sonsma
Postbus 1298
8900 CG LJOUWERT

Underwerp: *jo brief fan 19-12-2005 oer de oplieding learaar basisûnderwiis en it Frysk*

Drachten, 5 febrewaris 2006

Achte hear Sonsma,

Tige tank foar jo reaksje (d.d. 19-12-2005) op ús brief (d.d. 25-11-2005) oer it *taalynsidint* op de mentoaregearkomste okkerdeis. Us tinkt dat in kursus Frysk foar de net-Frysktalige studinten in goed ding is en in *earste stap* nei mear lykberjochtiging fan de beide rykstalen en de minsken dy't dy talen prate, yn jimme oplieding foar learaar basisûnderwiis.

Ut jo brief koene wy net opmeitsje oft it boppeneamd ynsidint oanlieding west hat foar in ynterne diskusje oer it *taalbelied* om sokke konflikten yn soartgelikense situaasjes yn de takomst foar te kommen. As wy oannimme meie dat de dosinten allegearre in goede taal*hâlding* hawwe, dan soe dat ek blike moatte út it taal*gedrach* yn sa'n gearkomste. Dosinten kinne ommers maklik oerfallen wurde mei de fraach: 'Kan het ook in het Nederlands?' en hawwe dan net de tiid om nei te tinken oer in befredigjende oplossing. Meastentiids klinkt dan gau-eftich: 'Natuurlijk ...' en dêrmei is taal*ûnderdrukking* wer in feit: de Hollânsktalige mient him op in taal*rjocht* beroppe te kinnen en de Frysktalige wurdt it brûken fan de eigen taal yn Fryslân feitlik *ûntsein*.

Us earste fraach wie en is dan ek bedoeld om ynformaasje te krijen oer it taal*belied* fan jimme ynstitút as it om de twataligens giet. Wy binne der noch net gerêst op dat it belied oangeande it taal*gedrach* op basis fan *lykweardichheid* en *lykberjochtiging* al goed en foldwaande ferankere is. Benammen net omdat de beide Ljouwerter learareopliedings basisûnderwiis de spesifike taak hawwe om te soargjen foar oplieding en foarming fan learkrêften basisûnderwiis dy't yn Fryslân ek ferantwurdlikheid te dragen hawwe as kultuerdrager foar de Fryske taal en kultuer.

Wy waarden ek wat kjel fan jo opmerking, dat in *ferplichtstelling* fan it Frysk foar studinten fan bûten Fryslân 'it in lestige ôfwaging' is. Dy studinten sille dochs ek yn de twatalige kontekst fan de CHN funksjonearje kinne moatte. Boppedat soe in lykweardige en lykberjochtige omgong mei it Frysk binnen de oplieding foar har in model wêze foar it goed funksjonearjen yn oare twatalige settings yn en bûten Fryslân. Foar it bybringen fan in goede taalhâlding en respektfol taalgedrach liket ús it learen fan it Frysk foar harren dan ek fan grut belang. Dat mei bêst wat ynspanning kostje. En fansels is it nea útsletten dat sokke studinten letter yn Fryslân komme te wenjen of te wurkjen.

De taalsituaasje yn Fryslân is troch de ieuwen hinne kromwoeksen en basearre op *ûndemokratyske* wearden, omdat se fûnemintele taalrjochten fan in folk yn syn eigen gebiet oantaaste. Wearden dy't in *ûngastfrij* karakter drage: de dominante taalgroep kin iensidich it near lizze op de taal fan de oare

(minderheids)taalgroep; yn ús gefal de Frysktalige studinten. Dat soks ûnrjochtfeardich is, moatte studinten fan bûten de provinsje ek meikrije kinne, sa liket ús ta.

Neist it *ferstean kinnen* fan it Frysk foar guon studinten, soe der yn it earstejiersprogramma foar alle studinten foldwaande omtinken wêze moatte foar kennis fan de ferskillende taalsituaasjes dêr't bern yn ferkeare kinne en ek foar foarmen fan twa-/meartalich ûnderwiis yn oansluting by it troch de ryksoerheid ratifisearre *Europeesk Hânfêst foar taalminderheden*.

Neffens ús mei it ek net sa wêze dat de *foaroardielen* fan guon studinten foar it Frysk oer sintraal steane yn it opliedingsprogramma. De ferantwurdlikheid foar in *goede foarming* (kennis, feardichheden en hâlding) fan studinten leit altiten by de oplieding sels. It FFU-bestjoer is derfan oertsjûge dat sok ûnderwiisbelied gâns mear freget as it Frysk 'op it efterste bankje te hâlden'. It freget moed, saakkundigens, ynspiraasje en folhâlden.

In *ientalich* Hollânske oplieding is neffens ús net langer te ferdigenjen yn Fryslân. Op grûn fan de begjinsels fan *lykweardigens* en *lykberjochtiging* en fanwegen de *globalisearring* fan de wrâld soe it yn Fryslân ta moatte op *yntegraal twatalich* ûnderwiis (Frysk/Hollânsk) mei dêroan taheakke eleminten fan de *trije*talige skoalle op it stik fan it Ingelsk. Wy soene graach jimme opfettings fernimme oer hoe't yn de oplieding 'it Frysk te plak' brocht wurdt.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,

S.T. Hiemstra,
skriuwer FFU